



# GODFRIED IS FUORT

*Maarten Spanjer*

‘Wat sille wy no ha? Vera, hasto oan dat ding sitten te knoeien?’

Leo skeat fan de bank ôf en begûn driftich op syn telefyzjetastel te slaan. Pas by de tredde klap kaam it byld werom. Hy stiek syn earmen yn 'e loft, as hie er de Europacup wûn, mar omdat Vera út har rolstoel wei gjin azem joech, gong er mar wer sitten en naam in slok fan syn bier.

‘Kinst dat bier no net even stean litte en dy op my konsintrearje?’ frege Vera. ‘Soest myn nekke noch massearje.’

Leo suchte djip. ‘Allemachtich, dêr hast dy ferfelende fint wer mei syn goudfiskkom en dy bosken hier út syn earen. Hoe hjit er, o ja, Willem O. Duys. Minsken mei in letter achter harren namme kinst net fertrouwe, Vera. Leau my mar. Dy wolle har better foardwaan as dat se binne. En se pretindearje oeral ferstân fan te hawwen.’

Ut it telefyzjetastel kaam no in ljochtfliets, folge troch in sizend lûd.

‘Dat is dyn straf,’ rôp Vera, ‘omdatsto niis sa aaklik oer dy aardige man pratest. Hy is in grutte diereleafhawwer, wist dat wol?’

‘Ja, do kinst wol moai eamelje, mar oaremoarn spilet Ajax tsjin Benfica en dan sit ik sûnder byld.’

De oare moarns waard Leo mei in skok wekker doe't Einstein, de boarre, op it bêd sprong. De berch neist him kaam no ek stadich yn beweging. Boppe de tekkens ferskynde it gesicht fan Vera, dat

leafdefol troch Einstein skjinslikke waard. Muoisum hyste se har yn har rolstoel neist it bêd. Op it izeren plaatsje op 'e rêchleuning stie: 'BEENHAKKER ROLSTOELEN ROTTERDAM'. *Hoe koenen je seks hawwe mei it útsicht op sa'n ynfalidekarre en dan ek noch út Rotterdam.*

*Moarn Ajax-Benfica, en myn telefyzje is stikken, skeat it wer troch him hinne.*

Bûten dwarrelen flokken snie út 'e grize loft. As it fjild yn it Olympysk Stadion moarn glêd en wyt wie, soe dat yn it foardiel fan Ajax wêze, skatte er yn. De Portugezen wienen bang foar snie. Stjerspiler Eusebio hie sels noch noait yn syn libben snie sjoen. Der stie in foto yn 'e krante wêrop't Eusebio syn brûnskleurige hân kjel út 'e snie weromluts.

Leo pakte in blikje bier út 'e kuolkast. 'Prachtpils voor prachtkerels' stie as titel boppe de alvetalformaasje fan Ajax.

'Leo, troch dat sûpen fan dy binne wy al hast troch ús jild hinne, en de moanne is noch net iens op 'e helte.'

'Veer, ik drink noch net iens heal safolle as froeger en de whisky haw ik ôfsward, dus wat sitst no te sangerjen?'

'Wy binne twa moanne achter mei de hier.'

'Ja, de tiid fljocht, en dat wurdt ek allinnich noch mar slimmer as je âlder wurde. Dus je moatte no genietsje.' Begearich sette er de mûle oan it bierblikje.

Ynienen begûn Vera mei beide hannen op 'e knibbels te slaan. 'Einstein, humpedumpy, floppedoppy, krommeltommeltsje, kom ris by de frou,' flaaike se.

*God noch oan ta, hoe kin ien sok ûnnoazel jeuzelpraat útslaan tsjin in stom bist, frege Leo him yn stilte ôf. Hearre sokke minsken harsels net praten?*

Even letter triuwde Leo de rolstoel fan Vera mei in soad ynspanning troch de grize sniebrot yn it park. Alle dagen deselde rûte en itselde útsicht op har mei elke hobbél yn 'e dyk meiwippende holle. Mar

no wie har kapsel bedobbe ûnder in tin laachje snie. Vera foel hast út har rolstoel doe't Leo abrupt stilhold by in stek dêr't in poster op fêstmakke wie mei in foto fan in kat derop.

Hy lies lûdop foar: 'Us kat is fuort. Hy lústeret nei de namme Godfried. Godfried is in kastrearre boarre fan seis jier âld. Hy hat in wite bef mei in swart plak deryn. Hy rint maklik by minsken nei binnen, dus wy tinke dat er yn in tún of hok krûpt is en dêr net mear út komme kin. Wy misse him ferskriklik. Godfried moat noadich syn medisinen ha, dus belje ús asjebleft! Beleaning foar de finer: hûndertfyftich gûne.'

Underoan stie in Poalske achternamme en in telefoannûmer.

'Ferrek,' sei Leo, 'dy beleaning is presys de priis fan in twaddehânsk tv-tastel. Vera leave, fynst net dat er sprekend op Einstein liket?'

'Nee, Leo, dat fyn ik hielendal net. Einstein hat gjin swart plak op syn boarst, dy hat in smetteleaze foarkant. En hy is ek net kastrearre.'

Leo luts it affysje fan it stek ôf en frommele it yn syn bûse. 'Dan litte wy him toch kastrearje, en dat swarte plak, dat doch ik sels wol. In kwastje ferve docht wûnders.'

'Nee, Leo, dat gebeurt net. Begrypsto dan net dat ik wiis bin mei dat bist? Dat hy my de leafde jout dy't ik by dy tekoart kom?'

'Fansels begryp ik dat, pop, mar Ajax-Benfica dan? Wy steane mei ien foet yn de heale finale fan de Europacup.'

Leo parkearre de rolstoel neist in parkbankje en gong sitten. Sabeare soarchsum kloppe er de snie fan har holle ôf.

'Ik wol der net oer prate. Do kinst Einstein net as in pak sûker yn 'e oanbieding goaie. Wat bisto toch in kloatsek, en ik kin net iens út mysels fan dy ôf, want as ik by dy wei gean moatsto my triuwe.'

Vera ferfoel yn in gûlbui mei gierende úthalen.

Wylst Leo in earm om har hinne sloech, loerde er skichtich it park ôf. 'Veer, do witst toch dat ik it bêste mei dy foarha. Ik doch

it ek foar d'yn goederbêst. Sa'n telefyzje is foar dy in finster op 'e wrâld. Kinsto dy in libben yntinke sûnder dy prachtige dieresearye, *Daktari*, mei Dr. Tracy, of *Wie wil er mijn marmotje zien?* fan Han Rensenbrink? En yn july is de earste moannelâning op tv, mei Apollo Henkie!

Vera wriuwde har yn 'e eagen. 'Doch mar watst net litte kinst, mar hâld my der fierder bûten,' snikte se.

It wie noch net meifallen om sûnder help fan Vera in swart plak by Einstein oan te bringen, al hie er it affysje as foarbyld. Hieltyd as er mei syn kwaste de wite bef oanrekke, rôle Einstein op syn side en helle feninich nei him út. No moast er allinnich noch kastrearre wurde. Dêr hie Leo noch wol in adreske foar: in freondinne út Leek, dy't diergenêskunde studearre hie, mar allinnich yn 'e kroech cum laude slagge wie. Hy mocht Einstein in dei letter al wer ophelje.

'It is in ûnderhûdske hechting,' sei se, wylst se it blazende bist de moarns oan him weromjoech, 'dus je sjogge der amper wat fan.'

Leo haaste him mei Einstein yn 'e earmen troch de glêde strjitten, want hy moast it finerslean noch fange en in telefyzje keapje. Thúskommen rûn er daliks troch nei de wandtelefoan yn 'e hal om de eigener fan de kwytrekke boarre te beljen.

'Mefrou Jankowski, ik mei jo in bliid boadskip bringe op dizze skrouske winterdei. Ik haw jim kat Godfried weromfûn,' sei er plechtich.

Hy moast it boadskip in pear kear werhelje foar't se it ferstie. By de tredde kear barste der in lûd gejubel los op 'e achtergrûn. Jankowski wie hiel min te ferstean yn har Poalsk-Nederlânske brabbeltaaltsje.

'Wat seinen jo? Nee hear, ik haw him út in beam helle. Mei gefaar foar eigen libben, ja. No held, held... Helden besteane net, sis ik altyd. Daliks bringe, sizze jo? Mei it each op syn medisinen, ja dat snap ik. Mei ik dan jo adres notearje. Enne... fansels net dat it

dêrom giet, mar tinke jo ek noch even om de sinten, ik bedoel it finerslean. Ik wol dêr gjin rúzje om krije. As lêste, mefrou Jankowski, jo hoege nergens oer yn te sitten: Einst... Godfried is sa sûn as in fisk.'

Doe't Leo de keamer wer ynkaam, siet Vera pipsk by de kachel mei de oansleine Einstein op 'e skurte. It momint wie oanbrutsen om ôfskied te nimmen. Har fingers glieden noch ien kear fol leafde troch syn hier. Se wie leaver Leo kwyt as Einstein.

'Ajax-Benfica, leave,' ferûntskuldige er him, doe't er har de kat út hannen naam. Hy repte him mei Einstein yn in kartonnen doaze nei it opjûne adres, ergens trijeheech yn de Piip. Der klonken drokke bernestimmen yn it treppehûs. Doe't er de doaze op 'e grûn sette om mefrou Jankowski in hân te jaan, waard Einstein út syn feilige ûnderkommen lutsen en fol leafde troch de bern oanhelle.

*Ik hoopje dat dat flardeguod in bytsje om it swartferve plak hinne aait, want oars bin ik de lul,* tocht Leo.

'Jonges,' rôp Jankowski, 'jou Godfried mar oan my en helje medisinen út küchen.'

Se besocht Einstein tsjin syn sin wat pillen yn 'e bek te triuwen.

'Do bazin mist, hê Godfried? Wolle jou kofje?'

*Leaver net,* tocht Leo, *dat kostet allinnich mar tiid.*

'Wy binne jou protte tankber dat jou Godfried út boim rêden hawwe. Hy klimt oars noait yn boimen. Unforstellbar.'

Leo wriuwde nerveus oer syn noas.

'Hy siet hielendal yn 'e top,' fertelde er, 'en net ien dy't in poat útstiek. Minsken binne tsjintwurdich sa gefoelleas nei dieren ta. Hoelang binne jo him al kwyt?'

'In hiele wike menier,' kjirme Jankowski, 'wie hiel swiere tiid.'

'Dat kin klopje, want wy hawwe him al in pear dagen yn 'e hûs. Myn frou wie al hielendal oan him hechte rekke. Dy woe him net iens mear kwyt.'

‘Hy is ek hiele leave beest.’

‘Ek al hawwe wy sels gjin húsdieren, wy begripe hiel goed wat jo trochstean moatten hawwe.’ Leo seach ûngeduldich op syn horloazje en gong oerein. ‘En no moat ik echt fuort. Hienen jo noch om uhhh...’

‘Jawis, jawis, menier.’

Jankowski oerhandige him it jild yn ’e gong.

‘Der komt einliks noch twa dagen kattefoer by, mar dat skink ik jo,’ sei er grutmoedich.

De bern rûnen mei om him derút te litten en skandearren syn namme. ‘Leo, Leo, Leo.’ Ynienen swaaide de gongsdoar iepen en waard er hast ûnder de foet rûn troch in breedskouderige jongeman mei in Feyenoord-logo op syn earm tatoeëarre en in ring troch syn wynbrau.

‘Janek, dit ys Leo,’ sei Jankowski. ‘Dizze leave man hat kat fûn.’

Leo syn útstutsen hân bliuwde doelleas yn ’e loft hingjen. Janek sakke by de kat yn ’e hoksen en begûn him op syn gemak te bestudearjen.

‘Sjochst wol hoe bliid at er is om dy wer te sjen,’ sei Leo entûsjast.

Stadich kaam Janek oerein en seach Leo strak oan.

‘Dizze kat is hielendal net bliid om my te sjen. Hy ken my net iens. Dit is Godfried net. Godfried is in hiele yntelliginte kat, hiel wat oars as dit senile âlde bist. En Godfried hat sûn, glânzjend hier, dizze syn hier is dof. En hy stjonkt ek noch.’

Hy tilde de kat fan ’e grûn en seach fan tichtby nei de bef mei it swarte plak deryn. Mei de mouwe fan syn jas, dy’t er mei wat flibe wiet makke hie, begûn er yn it plak te wriuwen. De bern stienen der mei iepen mûle nei te sjen. It swarte plak waard hieltyd grutter. Mei in flugge beweging raamde Janek de biljetten út Leo syn hân en triuwde him de kat yn ’e earmen.

‘En no opsoademiterte, smoarge oplichter, mei dyn nep-Godfried.’ Hy triuwde Leo handich de doar út. ‘En lit dy net wer

sjen yn dizze buert, want ik skuor sa dyn kop derôf.'

Leo stroffele by de trep del.

'Do gjin held, mar falsjke lefbek,' rôp Jankowski him nei.

Mei grutte nidige stappen bejoech Leo him mei Einstein ûnder de earm op 'en paad nei hûs. Der wie gjin kop op 'e dyk. Snieflokken priken him yn it gesicht. Thúskommen sloech er mei in klap de doar achter him ticht.

Vera hie net by har plak foar de kachel wei west.

Mei in bôge smiet er Einstein troch de loft, wêrnei't dy him jankend yn har knibbels fêstklaude.

'Dêr hast dyn rotkat wer werom. Allegear syn skuld, ferdomme noch oan ta. Ajax-Benfica! En ik kin it net iens folgje,' foetere er. 'Silst sjen dat wy troch dat gemiter ek noch ferlieze.'

Vera streake har kat en liet in triomfantlik glimke los.



**NATIONALE  
VOORLEESLUNCH**

**Maarten Spanjer** (1952) debutearre yn 1986 mei syn ferhalebondel *Eigen Schuld*, wêryn't er op in tragikomyske wize syn roomske jeugd yn Amsterdam beskreau. It boek waard loovjend ûntfongen en wie dan ek in sukses. Neist skriuwer is Spanjer akteur en telefyzjemakker en hy hat ek in jier proffuotballer west. As akteur spile er û.o. yn films lykas bygelyks *Spetters* en *De Kameleon* en mei it telefyzjeprogramma *Taxi* wûn er de Gouden Roas fan Montreux. Der folgen mear boeken, wêrfoar't Spanjer putte koe út in skat oan ûnderfiningen dy't er opdien hie yn de fuotballerij, yn akteurs- en skriuwersrûnten en uteraard yn it alledeiske libben. Dat levere meastal humoristyske, soms ûntheisterjende, mar altyd boeiende ferhalen op. Syn lêste boek *Geluk is een herinnering* kaam lêstendeis út (septimber 2019).

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan de *Leescoalitie* yn it ramt fan de Nasjonale Foarlêslunch 2019. Op freed 4 oktober 2019, Nasjonale Aldereindei, wurdt de sânde edysje fan de Nasjonale Foarlêslunch holden. Bekende en ûnbekende Nederlanners lêze dy deis foar oan âlderen troch it hiele lân. De Foarlêslunch wurdt organisearre troch de *Leescoalitie* yn gearwurking mei de Biblioteken en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen deibesteging is, dy't bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen.

Wolle jo mear witte oer de Foarlêslunch?  
Gean nei: [www.nationalevoorleeslunch.nl](http://www.nationalevoorleeslunch.nl)

